

Voorwoord



Spreken namens water. Dat motto siert de Perspectiefnota die ons bestuur dit voorjaar heeft omarmd. Deze begroting voor 2025 is de eerste concrete vertaling van het uitgesproken elan.

Water is de blauwe draad in alle opgaven rond de inrichting van ons land. Daarom vinden wij het belangrijk dat water en bodem hierbij ook de leidende factoren zijn. We staan in ons werkgebied (Fryslân en het Groninger Westerkwartier) voor serieuze uitdagingen: een klimaat dat verandert, een watersysteem dat zijn grenzen nadert, een kwetsbare zoetwatervoorraad en de waterkwaliteit die onder druk staat. Op een speelveld met een veelheid aan belangen, brengen wij onze kennis en expertise in. Leidraad hierbij is de Blauwe Omgevingsvisie die in 2023 is vastgesteld.

Weerbaarheid

Voor ons dagelijks bestuur is weerbaarheid een sleutelbegrip. Het werkt twee kanten op: aan de ene kant willen we de maatschappij weerbaar maken in de omgang met water. Maar we willen daarbij ook zorgen voor een robuust watersysteem dat klaar is voor op wat het de komende decennia voor de kiezen krijgt.

Drie voorbeelden voor 2025:

-We presenteren een boezemplan, waarmee we toewerken naar keuzes over het toekomstbestendig inrichten van ons aaneengesloten hoofdstelsel van vaarten en meren. We beoordelen hierbij ook of er een extra zeegemaal nodig is.

-We richten de natuurpolder Himpensermar zo in dat we hier in uitzonderlijk natte tijden tijdelijk boezemwater kunnen bergen.

-We komen met nieuw beleid voor grondwateronttrekkingen. Recente droge zomers hebben laten zien dat een actualisatie nodig is. Die richten we op het behouden van voldoende grondwater en de bescherming van kwetsbare natuur.

Hogere waterpeilen

Veenbodems zijn voor ons watersysteem van cruciaal belang als spons om water vast te houden en als deksel op de grondwatervoorraad. We praten met provincie en gemeenten over de voortzetting van ons gezamenlijke Veenweideprogramma. Dat het Nationaal Programma Landelijk Gebied (NPLG) nu stilligt betekent niet dat er niets meer gebeurt. We zijn voornemens vanaf april 2025 waterpeilen te verhogen op 1000 hectare aan veenweiden. Drie samenwerkingsverbanden (Idzegea, Akkrum en de cluster Aldeboarn-De Deelen, Hegewarren, de Alde Feanen en het Leechlân Grou-Warten) hebben zicht op subsidie voor deze vierjarige GLB-pilot.

KRW-maatregelen

De kwaliteit van ons water verdient alle aandacht. 2027 is de deadline voor het bereiken van de doelstellingen in de Kaderrichtlijn Water (KRW). Waar we tussentijds staan in de huidige planperiode (2022-2027) is helder in december 2024. Dan oordeelt ons algemeen bestuur over een tussentijdse evaluatie en de maatregelen die nodig zijn om onze doelen te halen. Omdat de omvang hiervan nu nog niet te overzien is, leggen we de financiering in een later stadium via een begrotingswijziging voor.

Ook na 2027 zijn maatregelen nodig om de kwaliteit van het water vast te houden en het te beschermen tegen nieuwe bedreigingen zoals klimaatverandering, de toenemende druk op de ruimte en exoten. In 2025 en 2026 bereiden we ons voor op de nieuwe KRW-planperiode 2028-2033.

Gezuiverd water

Een factor die de kwaliteit van ons oppervlaktewater beïnvloedt is het gezuiverde water (effluent) dat we lozen bij onze 27 rioolwaterzuiveringsinstallaties (rwzi's). Het produceren van effluent van uitstekende kwaliteit heeft daarom de hoogste prioriteit.

De Europese richtlijn stedelijk afvalwater zet in op de verwijdering van gewasbeschermingsmiddelen, medicijnresten en microplastics over 10 jaar. We komen in 2025 met een Waterketenvisie en voorstellen over wat dit betekent voor onze rwzi's. Voor het beheer van de persleidingen waarmee we afvalwater naar de zuiveringen voeren, maken we een meerjarig vervangingsplan. We pakken in 2025 al verschillende oudere en kwetsbare leidingen aan.

Verbinding

Om nu en in de toekomst voor veiligheid en voldoende en schoon water te zorgen, hebben we anderen nodig: de samenleving, Friese collega-overheden en ook Den Haag en Brussel. We zoeken verbinding met de mienskip door gebiedsgericht te werken. We willen op een transparante manier onze deskundigheid inbrengen, maar ook baat hebben van de kennis van anderen. Dit helpt om te komen tot breed gedragen besluiten en een soepele uitvoering.

In het overleg met collega-overheden in ons werkgebied staan we pal voor het waterbelang. We zijn principieel in ons verzet tegen gaswinning, vanwege de schadelijke gevolgen voor ons watersysteem. We zetten in 2025 stappen om op landelijk en Europees niveau meer invloed te hebben. Dat doen we volgens een eigen agenda, die niet alleen gericht is op het verwerven van subsidies, maar ook om de stem van het water te laten horen.

Sluitende begroting

De financiële uitwerking van onze ambities is terug te vinden in deze begroting. De totale lasten voor 2025 zijn €230 miljoen. Het leeuwendeel halen we uit onze waterschapsbelastingen. Voor een sluitende begroting moet de totaalopbrengst voor het watersysteembeheer stijgen met 4,8 procent en die voor het zuiveringsbeheer met 4,4 procent. Hiermee komen we lager uit dan in de Perspectiefnota, waarin stijgingen van respectievelijk 5,5 en 6,5 procent waren voorzien.

Luzette Kroon
Dijkgraaf

Wendy Zuidema
Waarnemend secretaris-directeur

Foaropwurd

Sprekke út namme fan wetter. Dat motto siert de Perspectiefnota dy't ús bestjoer fan't maitiid omearme hat. Dizze begroting foar 2025 is de earste konkrete oersetting fan it útsprutsen elan.

Wetter is de blauwe tried yn alle opjeften om de ynrjochting fan ús lân hinne. Dêrom fine wy it wichtich dat wetter en boaiem hjirby ek de liedende faktoaren binne. Wy steane yn ús wurkgebiet (Fryslân en it Grinslanner Westerkwartier) foar serieuze útdagingen: in klimaat dat feroaret, in wettersysteem dat syn grinzen hast berikt, in kwetsbere swietwetterfoarried en de wetterkwaliteit dy't ûnder druk stiet. Op in spylfjild mei in protte belangen, bringe wy ús kennis en ekspertize yn. Paadwizer hjirby is de Blauwe Omjouwingsfisy sa't dy yn 2023 fêststeld is.

Wearberens

Foar ús deistich bestjoer is wearberens in kaaibegryp. It wurket twa kanten op: oan'e iene kant wolle wy de maatskippij wearber meitsje yn de omgong mei wetter. Mar wy wolle dêrby ek soargje foar in robúst wettersysteem dat klear is foar op wat it de kommende desennia foar de kiezen krijt.

Trije foarbylden foar 2025:

- Wy presintearje in boezemplan, dat wy brûke om ta te wurkjen nei karren oer it takomstbestindich ynrjochtsjen fan ús oaniensletten haadstelsel fan fearten en marren. We beoardielje hjirby ek oft der ferlet is fan in ekstra seegemaal.
- We rjochtsje de natuerpolder Himpensermar sa yn dat we hjir yn útsûnderlik wiete tiden tydlik boezemwetter bergje kinne.
- Wy komme mei nij belied foar grûnwetterûntlûkingen. Resinte drûge simmers hawwe sjen litten dat in aktualisaasje nedich is. Dy rjochtsje we op it behâlden fan genôch grûnwetter en de beskerming fan kwetsbere natuer.

Hegere wetterpeilen

Feanboaiems binne foar ús wettersysteem fan krúsjaal belang as spûns om wetter fêst te hâlden en as lid op de grûnwetterfoarried. Wy prate mei provinsje en gemeenten oer de fuortsetting fan ús mienskiplike Feangreideprogramma. Dat it Nacionaal Programma Landelijk Gebied (NPLG) no stilleit betsjut net dat der neat mear bart. We binne fan doel om fan april 2025 ôf wetterpeilen te ferheegjen op 1000 hectare oan feangreiden. Trije gearwurkingsferbannen (Idzegea, Akkrum en de kluster Aldenboarn-De Deelen, Hegewarren, de Alde Feanen en it Leechlân Grou-Warten) hawwe sicht op subsydzje foar dizze fjouwerjierrige GLB-pilot.

KRW-maatregels

De kwaliteit fan ús wetter fertsjinnet alle omtinken. 2027 is de deadline foar it berikken fan de doelstellings yn de Kaderrichtlijn Water (KRW). Wêr't wy tuskentiids steane yn de hjoeddeistige planperioade (2022-2027) is helder yn desimber 2024. Dan oardielet ús algemien bestjoer oer in tuskentiidske evaluaasje en de maatregels dy't nedich binne om ús doelen te heljen. Om't de omfang dêrfan no noch net oer te sjen is, lizze wy de finansiering yn in letter stadium fia in begruttingswiziging foar.

Ek nei 2027 binne maatregels nedich om de kwaliteit fan it wetter fêst te hâlden en it te beskermjen tsjin nije bedrigingen lykas klimaatferoaring, de tanimmende druk op de romte en eksoaten. Yn 2025 en 2026 riede we ús ta op de nije KRW-planperioade 2028 -2033.

Suvere wetter

In faktor dy't de kwaliteit fan ús oerflaktewetter beynfloedet is it suvere wetter (effluïnt) dat wy losse by ús 27 rioelwetersuveringsynstallaasjes (rwzi's). It produsearjen fan effluïnt fan treflike kwaliteit hat dêrom de heechste prioriteit.

De Europeeske rjochtline stedsk ôffalwetter set yn op it ferwiderjen fan gewaaksbeskermingsmiddels, medisynresten en mikroplastics oer 10 jier. Wy komme yn 2025 mei in Wetterstringfyzje en foarstellen oer wat dit betsjut foar ús suveringen. Foar it behear fan de parslidingen dêr't wy ôffalwetter mei nei de suveringen fiere, meitsje wy in mearjierrich ferfangingsplan. We pakke yn 2025 al ferskate âldere en kwetsbere liedingen oan.

Ferbining

Om no en yn de takomst foar feiligens en genôch en skjin wetter te soargjen, hawwe we oaren nedich: de mienskip, Fryske kollega-oerheden en ek Den Haach en Brussel. Wy sykje ferbining mei de mienskip troch gebietsrjochte te wurkjen. Wy wolle op in transparante wize ús saakkundigens ynbringe, mar ek baat hawwe fan'e kennis fan oaren. Dit helpt om te kommen ta breed droegen besluten en faasje yn de útfiering.

Yn it oerlis mei kollega-oerheden yn ús wurkgebiet steane wy pal foar it wetterbelang. We binne prinsipiëel yn ús ferset tsjin gaswinning, fanwege de skealike gefolgen foar ús wettersysteem. We sette yn 2025 stappen om op lanlik en Europeesk nivo mear ynfloed te hawwen. Dat dogge wy neffens in eigen aginda, dy't net allinnich rjochte is op it ynheljen fan subsydzjes, mar ek om de stim fan it wetter hearre te litten.

Slutende begrutting

De finansjele útwurking fan ús ambysjes is werom te finen yn dizze begrutting. De totale lêsten foar 2025 binne € 230 miljoen. It grutste part helje wy út ús wetterskipsbelestingen. Foar in slutende begrutting moat de totaalopbringst foar it wettersysteembehear omheech gean mei 4,8 persint en dy foar it suveringsbehear mei 4,4 persint. Dêrmei komme wy leger út as yn de Perspektyfnota, dêr't stigings fan respektlyk 5,5 en 6,5 prosint yn foarsjoen wiene.

Luzette Kroon

Dykgraaf

Wendy Zuidema

Waarnimmend sekretaris-direkteur

